

# Piter Boersma oan it poëtysk húshimmeljen

F 27 29-4-'06

troch Yvonne Dijkstra

In pear wiken lyn foel ik op in sneintejûn yn in dokumintêre oer de ynfloed dy't teksten ha kinne op it minsklik brein. In groep Ingelske ûndersikers fertelde oer it ferrin fan harren ûndersyk nei tekstskaaimerken yn de romans fan Agatha Christie. Hja woene witte hoe't it komt dat dy boeken sa ferslaavjend wurkje: ast begjinst te lêzen, dan kinst it net mear oan 'e kant lizze liket it wol. De útkomst fan it ûndersyk? Agatha Cristie hypnotisearret har lêzers! Yn har teksten brûkt sy (bewust of ûnbewust) 'trúkjies' dy't meitsje dat de lêzer in bytsje yn trance rekket. Se lit bygelyks op ien bledside hiel faak itselde wurd weromkomme en beynfloedet sa de tinkwize fan de lêzer. De algemiene konklúzje fan dit ûn-

dersyk is dat tekstskaaimerken rjochting jouwe oan it lêstproses; oan de wize wêrop't in tekst lêzen wurdt. Ik moast hjir oan tinke doe't ik It útsjoch fan Piter Boersma lies. Wêr't Agatha Christie har lêzers yn in kûgelsfeart troch har boeken hinne jaget, docht Boersma it rêstich-oan. Syn nijste wurk is net in boek om yn ien jûn út te lêzen en dan oan 'e kant te lizzen. It útsjoch noaget júst út om in lyts stikje te lêzen en dat dan besinke te litten.

Dat is ek net sa gek as jo betinke dat Piter Boersma (Warten, 1947) skriuwer én dichter is. It liket wol of mjukset er dizze beide disciplines yn It útsjoch troch inoar om sa by in hiel nij sjenre út te kommen. It útsjoch is opboud út lytse fragmintjes - soms mar ien sin, soms oardel side. De teksten kinne persoanlike tinzen fan

Boersma wêze ('Der is neat hearlikers as in bern dat tsjin jin laket. En neat dan jin sa bang makket', side 46), mar ek fiktive ferhalen. Fan elts fragmint stiet it earste wurd op in aparte rigel. Dat eaget dêrtroch wat poëtysk.

It útsjoch is net in trochrinend ferhaal, mar der sit wol in ferhaalline yn. It boek is net in gronologyske autobiografy, mar it hat wol in autobiografysk útgongspunt. Jo krije hast de yndruk dat Boersma syn oantekeningen fan de ôfrûne jierren by inoar socht hat om dêr in boek fan te meitsjen. Lykas er sels seit: 'Mei en yn dizze wurden fei ik mysels byinoar'. Dat byinoar feien heart lykwols rûger as dat it is, want yn-hâldlik is der wis wol in gearhing. Fergelykje it mar mei in glês-ynleadrút dêr'tst fan tichtby in hiel soad kleurde stikjes sjochst,

mar dat op ôfstân in gearhing krijt en in kompleet ferhaal fertelt.

Dat ferhaal is it 'ferhaal' fan Piter Boersma. Komst as lêzer in soad fan him te witten, sa liket it. Hy fertelt op noflikke toan oer it útfanhûzjen eartiids as jonkje en oer syn libben no. Hy sitearret syn favorite Russyske skriuwers en jout stof ta neitinken mei syn koarte fragmintaryske opmerkingen. Hy jout ús ynsjoch yn syn meast yntime tinzen en wikselet dat ôf mei surrealistyske ferhaaltsjes. De lêzer krijt de yndruk dat Boersma syn hert foar ús bleat leit, mar wês wach: it bliuwt fansels literatuer! De skriuwer hâldt de toutsjes yn hannen en lit allinnich sjen wat er kwyt wol. En der sit mear achter as wy tinke, want sa't Boersma sels skriuwt op side 32: 'Elke sin moat liede ta in krityske beskôging fan

ús bewustwêzen en de maatskiplike sitewaasje, fan it minsklik bestean. (...) Elke sin moat ús dwars yn 'e harsens sjitte en it op 'en nij lêzen fan it foargeande noadich meitsje.'

No, dat wie krekt it effekt dat 'It útsjoch' op my hie. Ik ha hiel wat werom blêde yn de tekst om sinnen mei inoar yn ferbining te krijen, foarsichtich priuwend fan de wurden dy't Boersma skriuwt. De iene kear yn rap tempo lêzend as der in ferhaal ferteld waard, in oare kear stadich om de wurden trochkringe te litten. Boersma beskôget, stoekt op, bêdet del, nimt de lêzer mei en lit him dan achter mei in boek dat in rykdom oan sitaten jout.

*Piter Boersma, It útsjoch. Easterein, 2005, Koperative Utjowerij, 235 siden, priis: 15 euro.*